




Spulwike Nijs

Spulwike Littenseradiel 2008 • 30 juny oant en mei 4 july 2008 • seisde jiergong



Lekker ûnder de blauwe drek

Hearlik. Fan top ta tean lekker ûnder de blauwe drek. Wat is der no moaier dan dat. It mocht yn de earste wike fan july, doe't Littenseradiel wer yn it teken stie fan de Spulwike. It wie al de 36ste kear dat dit grutte fakânsjefeest foar de bern fan de basisskoallen organisearre waard. En noch altiten mei in protte sukses. De tsientallen frijwilligers soargje der foar dat de bern fermakke wurde. Yn dizze Spulwikekrante, dy't al foar de sechsde kear útkomt, wurde de ferhalen fan de bern wer mei spjelde en nulle bestekke. Wat ha se yn sa'n wike in protte belibbe. En it mocht allegearre.

Ek yn dizze Spulwike spile it wetter in wichtige rol. Want it wie waarm en dan makket it neat mear út. De earste de bêste sleat, dy't de bern seagen, waard brûkt as swimbad. Yn Easterlittens hiene se der sels in spultsje fan makke. It groepke, dat it meast ûnder de blauwe drek werom kaam, koe bonuspunten fertsjinje. De bern wiene sa smoarch dat se hast net iens mear te werkennen wiene.

Mar it wie fansels net allinne wetter en drek. De bern diene ek oare spultsjes Der waarden hutten boud, der wiene ekskursjes. Bygelyks nei de mummy's yn Wiuwert. En wêr ha de bern it dan oer? Lês it op side 3. Yn Weidum wie de lêste dei wer de swierste. Lykas oare jierren mochten de bern by Flapper oernachtsje. En it bleaun dy nacht yn Weidum noch lang ûnrêstich. En op freed 4 july siet it der wer op. Wurch mar foldien, mar yn gedachten al by it oare jier.

Fan 'e foarsitter

De oertiid is oanbrutsen, de Dino's stampe rûn.

We sammelje, jeie, fiskje, mobyl noch net útfûn.

Gjin sms en msm, gjin hyves en radio, Mar grotten en it fjouwerkante tsjil, Oeh wat wie it stil.....

Us spulwike-superhit (wize: Viva Hollandia), omskriuwt de ôfrûne Spulwike it bêst. Miskyn hawwe jo it nûmer wol heard de freed by "Musyk yn Bedriuw" op omrop Fryslân radio. De Spulwike is de moandeis losbarsten mei in echte oerknal, en wat folge wie in fantastyske wike, ek troch it skitterende waar fansels. Better hiene wy it net treffe kinnen. De besite oan de mummy's yn Wiuwert, de tocht nei it swimbad yn Wommels, de blauwe-drek-survival yn Littens en de dropping fan Weidum, it wie allegear like prachtich! Graach wolle wy dêrom eltsenien dy't op wat fan wize dan ek holpen hat dizze Spulwike ta in hichtepunt te meitsjen tige tank sizze en wy hoopje kommende spulwike wer op jimme stipe rekkenje te kinnen!

HOLLE BOLLE TSJING!



Ut namme fan Stifting Spulwike Littenseradiel, Jos Cartens, foarsitter.



Knots en Rots yn Dinodoarp

Troch lieder Cees Middelweerd en Leo Kamphorst

Easterwierrum: De Spulwike yn Dinodoarp begûn op moandei foar de bern út Easterwierrum, Littens, Weidum, Baard, Wommels, Wiuwert, Boazum, Itens & Jorwert.

De bern kamen op it fjild dêr't twa fremde minsken stûnen yn bearefellen; Knots en Rots. Sy kaamen út 'e oertiid en wiene ferdwaald yn it no. Mei help fan 'e tiidmasjine en de bern hawwe sy probeare om werom nei harren eigen tiid te reizgjen.

Mar dat werom reizgjen gong net samar. De bern koene spulstjes op it sportfjild dwaan, dêr't se punten mei sammelje koenen. Die punten koene Rots en Knots yn'e Tiidmasjine ynfiere en sa de

koade sykje foar de weromreis. Dit gong net hieltiid goed, want nei de earste spulstjes ferdwûnen Rots en Knots en kaamen sy út yn in oare tiid.

Nei in pear stikjes bôle en wat poeiermolke begûn de tiidmasjine wer te prutteljen. Nei't de reek ferdwûn wie, stie der op it byldskerm dat de tiidmasjine enerzjy nedich hie om foarút te kommen. De bern koene hjirby helpe troch hiel hurd te blazen en nog mear punten te sammeljen mei de oare spulstjes. Dizze punten waarden omset nei in spesjale koade. Helaas lukte it net om de koade te finen en moasten de bern op tiisdei werom komme om Rots en Knots werom nei harren eigen tiid te stjoeren.



'It Begjin Der Tiiden'

Troch lieder Yldau Wiersma

Weidum: Eltse kear as spulwike op moandei wer útein set, binne je dochs in bytsje senuwêftich. Hoe sil it dit jier ferinne? Wurdt it wer in machtige wike mei moai waar, entûsjaste bern en leuke spulstjes? As om njoggen oere de earste bern de arena binnen komme, skynt de sinne al folop. Healwei tsienen begjint spulwike 2008 mei it foarstellen fan de lieding mei de groepkesyndieling. De moandei stiet yn it teken fan kennis meitsjen mei elkoar. Derom is der as earste de opdracht om mei panlatten, tou, seil, riet, takken, klaai, ferve en stof (foar in flagge) in grot te meitsjen. Elk jier rint dit út op it

fervjen fan elkoar en foaral de lieding. At om healwei alven de fotograaf del komt, sjogge we der allegear as baargen út. Dizze wike is der ek in reade trie ferhaal. Freon Japie is mei in oerknal yn de oertiid belâne. Wy moatte dizze wike probearje him wer yn dizze tiid te krijen. We begjinne mei in oerkreet. De iene helte fan de arena seit: "Hoenga" wêrnei de oare helte 'Boenga' seit. Nei it middeisiten sette we útein mei de earste spulstjes. Spulstjes mei in protte wetter yn it teken fan de oertiid. Rûn trije oere wurde de punten opteld en bekend makke. En dan is de dei alwer om. Hoenga, Boenga!!

In te gekke start

Troch lieder Jannie en Astrid

Easterlittens: We binne fanne-moarn knallend begûn. Mei de oerknal kamen alle lieder op it sportfjild yn Littens. De holbewenners, dodo's, dino's, slachtofsjes en bonken binne der allegear by. Yn Littens ha we wer in hiel moai poadium, mar der ûntbrekt noch wat. Op it poadium sitte noch wat lege plakken. De bern moatte yn'e wike de foarwerpen, dy't út de oertiid komme, fertsjinje troch spulstjes te dwaan. Dus dat wurdt noch leuk!

De bern giene earst it doarp yn om harren lieder te finen. Nei in healoere koe hiel Littens en omkriten mei genietsje fan in "oer" weldigjend HOLLE BOLLE TSJING repertoire!!!! De stemming siet der al goed yn! Roeie op it plein en in gek sin!

Doe tintsjes bouwe, dêr't de helte nei in oere noch fan stie. De hurde wyn en it gekke sin fan'e bern wiene der as in wervelstoarm troch hinne gien. Mar we steane dochs prachtich op'e kykjes mei tank oan'e ferve!

Middeis wie it tiid foar it dodo-spul op en om it fjild; allegearre te gekke spulstjes dwaan en punten fertsjinje foar it groepke. Fan switfuotten happe en badeintsjes fiskje oan't it roljen fan it fjouwerkante tsjil. Ek de griene sjippe en de wite spûnzen wiene fan'e partij!

Mei it ein al hast yn'e bek kamen de groepkes werom op it fjild om nochris yn te setten foar de polonaise en it sjongen fan'e nije spulwike-hit. Koartsein, mei dizze start fan'e wike belooft it noch in geweldige tiid te wurden!

Alle dagen dweiltrochwiet

Alles kinst regisearje, útsein it waar. As de sinne dan by in temperatuer fan 30 graden oan de strakblauwe loft stiet, giet by sommige bêrn (en lieder) de knop om. It makket dan net út wat der op it programma stiet, as der ek mar in sleat te sjen is, lizze se deryn, blauwe drek as net. It kin net mâl genôch. Ek dat is spulwike! De heiten en memmen sille it der alle jûnen wol wer drok mei hân hawwe...



Spulwike is in gouden bedriuw

It is 1995 as er ûnderweis is nei syn âlders yn Rien, op de âld weduwe-fyts. Andrys Weitenberg (33) út Ljouwert wit it nog goed. Op it sportfjild fan Mantgum wurdt er frege om mei te dwaan as lieder oan de spulwike fan Littenseradiel. "Ik moast der in wykje oer neitinke, want wat de boer niet kent, vreet 'ie niet.'" Dochswie hy al gau entûsjast en wie hy ien fan de lieder yn Weidum. Yn

dat earste jier wie mear as de helte fan de liedergroep nij, mar de sfear siet der fuortendaliks goed yn, al koe hy hast nimmen. No, nei trettjin jier spulwike, is dat wol oars, mar fynt Andrys it tiid it stokje oer te dragen oan oaren, al giet dat net maklik. Hy hat in soad feroarings yntrodusearre, lykas de namme program-makoördinator dy't hy foar himsels betocht.

As Andrys hielendal neat mear foar de spulwike dwaan sil, lit hy yn it midden. "De spulwike hat in grut diel fan myn libben útmakke en der wiene ek in soad hichtepunten. Der bart safolle ast al san lange tiid meidochst. Alle herinnerings ferkleive yni-noar, mar yn it generaal bliuwe de freonskippen dy't ûntstien binne my it measte by en fansels dat ik myn eigen freondinne hjir foarich jier moete haw!"



Blauwe drek foar bonuspunten

Troch Littenserlieders Piter van der Werf en Karin Ebbinge

Easterlittens: Dizze moarn wie it tiid foar it spul om de knuppel (fabrykspiip). De bern mochten op eigen houtsje it doarp yn om yn rap tempo spulstsjes te dwaan. De lieders hiene allegear in spulstsje betocht dat binnen fiif minuten spile wurde koe.

Sa wie der in spulstsje dêr't de bern sa lang mooglik ûnder wet-ter bliuwe moasten en sa folle mooglik ferfe mei de noas op in papier smarre moasten. De spulstsjes wiene tige slagge! Wol kamen we tiid te koart. De measte groepkes moasten oan it ein noch fjouwer spulstsjes spylje, mar der wienen ek groepkes dy't it prestearden om wol alle spul-tsjes te spyljen. En fanwege it geweldige waar wie de ranja net oan te slepen.

Middeis wie it tiid foar it spul dêr't sawol de lieders as de bern enorm nei útseagen. Nammentlik de survival! We gienen mei sân groepkes tagelyk it parkoers rûn Littens ôf. Der wie by eltse sleat dy't we tsjin kamen in middel klear setten wêrmei je de oare kant berikke koene. Mar it wie krekt of seagen de bern dit net.

It wie folle makliker en moaier om dwars troch de sleat te gean. En der waard gjin sleat oerslein. De bern wie beloofd dat it groepke dat as swartst werom kaam bonus-punten krije soe. Dit hie as rissel-taat dat de bern sa smoarch wie-nen dat se net mear te herkennen wienen. Ek woenen se net mear yn de grutte feart, om't se dan de blauwe drek der wer ôf spielden. Koartom in geweldich slagge dei!!



De reis troch de iistiid

Troch lieder Pier de Vries

Weidum: Nei in goed slagge moandei fan dizze spulwike wie de tiisdeis wer ynromme foar de survival. Om it in bytsje yn it thema fan dit jier te hâlden wie it omdoopt ta “REIS TROCH DE IISTIID”. De foargeande jierren wiene de ferskate spullen dy't de bern dwaan mochten ferdielt oer in parkoers fan sa'n twa kilometer. Dit jier in wat oare opset. It hiele barren fûn plak op de iisbaan fan Weidum. Hjir wiene seis spullen opset dêr't de bern harren dizze dei mei fermeitsje mochten. Der wie in grutte opblaasbere hinder-nisbaan, striedoalhof mei oanfer-wante aktiviteiten, in kanorace, twa oan twa fuotbal, in helling bij de kanohaven en ferskate aktivi-

teiten yn de sleat lâns de iisbaan. De bern moasten by elts spul tsjin in oare groep stride en koene sadwaande punten sam-melje, dêr't de úteinlike skoare mei bepaald waard.

It waar siet ek dizze tiisdei wer mei. It wie in moaie dei mei in soad sinne en oangename tem-peratueren. Dit wie fansels foar ús as kommisje prachtich. De bern hiene oer it algemien net al te folle oanspoarings nedich om sa no en dan yn it wetter te bedarjen. En dat is op in survival-dei wol prachtich moai om te sjen. Al mei al in prachtige dei foar de bern, en takkomjier mar sjen wat we dan útfine sille mei de survival.



De spannende belibbenis yn Wiuwert

Troch lieders Marijke Landman en Geartsje van der Hem

Wiuwert: Op tiisdei, de twadde dei foar de bern fan Easterwille, wiene de bern noch entûsjaster as de moandeis. De dei begûn mei it opstarten fan'e tiidmasjine, want it wie moandeis net slagge om Rots en Knots werom te sjoe-ren nei harren eigen tiid. Ek fer-telden sy dat der noch in skatkist yn' e tiidmasjine siet.

Mar foardat it safier wie moast der noch hiel wat gebeure. Sadwaande binne we mei trek-ker en wein nei Wiuwert setten. Yn 'e trekker en wein koe eltsenien sjen dat we fan de Spulwike wiene en de Holle Bolle Tsjing wie goed te hearen.

Yn Wiuwert dienen de bern in soad spulstsjes mei wetter. In baan dêr' t de bern elkoar op in

bân oer de griene sjippe lûke moasten, mei wetterballontsjes de lieder wiet meitsje en de dien-blêden-race.

It hichtepunt fan'e middei wie it spul mei en de besite oan de mummy's yn'e tsjerke fan Wiuwert. De measte bern wisten wol wat mummy's wiene, mar sokken as yn Wiuwert hiene se nog nea sjoen. Foar sommige bern wie it dan ek wol in span-nende belibbenis. Der wienen sels bern dy't in knipeag fan in mummy krigen...

Hjirnei mochten de bern harren lieder yn wc-papier wikkelfe om sa harren eigen mummy te meit-sjen. Dit like moai, want it gesicht fan' e lieder wie net meer te her-kennen.

Grizelje en gnize yn Wiuwert

De mummy's fan Wiuwert wurde jierliks troch tûzenen minsken, jong en âld, besocht. Sa ek dizze dei. Trije wat âldere minsken út Enschede dy't de tsjerke ynkomme, sjogge fernu-verd om harren hinne as se sa'n soad bern yn fleurige t-shirts yn de tsjerkebanken sjogge. “Is dit een speelweek, oh wat leuk, dat doen ze bij ons niet”. Gelokkich, se koene it wol wurdearje. En oars mar net liken de measte bern fan Easterwierrum te tin-ken, se sieten foaral yn span-ning oer wat der komme soe.

De bern fan de groepen trije en fjouwer yn Easterwierrum hiene in dei fol spulstsjes, mar besoch-ten ek de mummykelder. Dat paste fansels goed by it tema, want dat gong oer de oertiid en mummy's binne ek in soarte fan oerminken. As de bern frege wurd as se witte wat mummy's binne sizze de measten dat it ynpakte minsken binne. Wc-papier is hjir it meast foar brûkt tinke se.

Nei de útlis oer mummy's tûgen de bern yn groepkes, mei dochs wol wat spanning yn it gesicht, it stiennen trepke del nei de kel-der. Robert út Jellum fynt it mar eng en sjocht gau de oare kant

út. As Wessel, ek út Jellum, ynien-nen de reuzepimel fan de meast linkse mummy sjocht en dêr fol fjoer de oaren oer ynljochtet, draait er him dochs wer om. De reaksjes fan de bern fleane troch it mufte kelderke. “Dy twa hawwe ferkearing mei elkoar”, seit Aebe út Weidum. “Dy twa ferkearing, dat liket my wol in droech spulstsje, dêr komme fest gjin bern fan!”, gnyset kosten Anneke Kastelijn de lieding ta. Marijke komt út Wiuwert en wit hiel goed hoe't it kin dat de mins-ken en de fûgels dy't oan it pla-fond hingje sa goed bliuwe: “Set

der mar in pak molke del, dat bliuwt ek goed.” Robin út Itens soe it pas echt cool fine as de mummy's noch libje soene. De measte bern bin it net mei him iens...



Utlatrace

Op in boerereedsje yn Weidum is tidens de spulwike in illeaal spulstsje foar lieders betocht: “Hoe rydst de útlaat ûnder in auto wei?” It slagge net yn ien kear, mar mei wat gewicht op de achterbank kaam it toch klear! It is wol sa dat dit spulstsje net yn it offis-jele programma ferwurke wie, dus nammen sille we mar net neame, mar it wie wol spekta-kulêr! Programmakoördinator Andrys Weitenberg koe der ek wol om gnize en gong spon-taan ûnder de auto lizzen om de boel wer te reparearjen.





DE SPULWIKE SPONSORS FAN 2008:

2 Rent www.2rent.nl Snits 0515-435310	Aanhangwagens Gerlsma & van Dorp www.aanhangwagens-friesland.nl Winsum 0517-342079	Accelent administratie en advies www.accelent.nl Wommels 0515-430096	A.C.R. Winsum 0517-341558	Adminsitratie P. Huitema Wommels 0515-333100
Agrarische Dienstverlening Willem Sloot Mantgum 06-27076493	ALMAR Skilderwurk Wiuwert 058-2501778	Altac Autolakken www.altac.nl Easterein 0515-331215	Architectenburo MA2 www.ma2.nl Mantgum 058-2501098	Architectenburo Syb C. Eldering B.V. Wiuwert 058-2501819
Asbestsanering Visser en van Gunst www.vga-asbestsanering.nl Grouw 0566-620087	Auke Bruinsma Bouw Leons 0517-341501	Autobedrijf Sypersma www.autobedrijf-sypersma.nl Easterwierrum 058-2501215	Autobedrijf Van der Meij B.V. 0518-412323 Ferwert 0518-412323	Autobedrijf Wheagan Multi Car Service www.wheagan.nl Wommels 0515-333121
Autobedrijf Wielinga Brand Oil Tankstation www.wielinga-wommels.nl Wommels 0515-332876	Autobedrijf Witteveen & Brouwer B.V. www.witteveen-brouwer.nl Easterei / Blauwhuis 0515-331280	Autohuis Winsum www.autohuiswinsum.nl Winsum 0517-341917	Automobielbedrijf De Zeeuw B.V. www.forddezeeuw.nl Leeuwarden 058-2333444	Autorijschool Yme Sijtsma www.autorijsschoolymesijtsma.nl Damwoude 0511-425705
Autoverkoopbedrijf Van der Wal www.autoverkoopbedrijf.nl Wommels 0515-332800	B & O Bandenservice Bolsward 0515-577755	Bakker Metaalbewerking B.V. www.mannenvanstaal.nl Winsum 0517-341551	Basis-Groen Boazum 0515-521520	BBD, Brandsma Bouw Dienstverlening www.brandsmabouwdienstverlening.nl Wolsum 06-24738858
Beauty Centre De Freule Wommels 0515-332979	Bestratingsbedrijf Zwaagman www.staldeoergong.com Huins 0517-430036	Boekhoudburo Van Balen www.vanbalenboekhoudburo.nl Jellum 058-2519296	Bos Advocatuur Winsum 0517-342800	Bos Mechanisatie B.V. www.bosmech.nl Easterein 0515-332125
Bouwbedrijf Bootsma www.bouwbedrijfbootsma.nl Easterwierrum 058-2501325	Bouwbedrijf De Jong & De Wal Grouw 0566-621579	Bouwbedrijf Frankena www.frankenabouw.nl Wommels 0515-331283	Bouwbedrijf G. Kruithof Boazum 0515-521721	Bouwbedrijf Keuning B.V. www.keuningbouw.nl Wiuwert 058-2501333
Bouwbedrijf N. Scharringa www.bouwbedrijfscharringa.nl Wjelsryp 0517-342806	Bouwbedrijf Van der Sloot Winsum 0517-341630	Bouwe Jan Bouma Horecaspecialiteiten Boazum 0515-521351	Bouw en Restauratiebedrijf Sytse Douwe van der Vegt Weidum 058-2519247	Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart www.bouw-tekenburo.nl Wommels 0515-333075
Café Doarpshûs Boazumermjitte www.boazumermjitte.nl Boazum 0515-521274	Café H. Bonnema Mantgum 058-2501307	Café Het Wapen van Baarderadeel Jonwert 058-2519223	Café-Restaurant It Reade Hynder www.itreadehynder.nl Wommels 0515-331224	Café 't Skipperke www.skipperke.nl Baard 0517-342288
Café Wiuwert Wiuwert 058-2501372	Carvanstalling B. Sandstra www.sandstra.nl Easterein 0515-332220	Coop Supermarkt Tolsma www.coop.nl Winsum 0517-341669	Couperus Hydrauliek B.V. www.couperushydrauliek.nl Easterein 0515-332288	DAT Tekstbureau www.dattekstbureau.nl Easterwierrum 058-2501465
D. Bouma Montage en Inerieurbouw 06-48704042 Easterlittens 0517-341656	D. Nijdam Springkussens en zeskamp onderdelen verhuur www.dnijdam.nl Heerenveen 0513-621814	De Groot Dakbedekking en Zinkwerk Hilaard 058-2519760	De Helling Horeca www.mfodehelling.nl Winsum 06-51985600	De Steigeraar www.desteigeraar.nl Bears 06-42764252
De Tapijstunter www.tapijstunter.nl Wommels 0515-332805	Dierenartsenpraktijk Wommels www.dap-wommels.wdierenartsenonline.nl Wommels 0515-331387	Doarpshûs De Triiker www.detriiker.nl Poppenwier 0566-602041	Doede de Vries Bouwbedrijf Spannum 0517-342325	Douma's Timmer- en Meubelfabriek Easterwierrum 058-2501214
Drogisterij en Parfumerie Fizel Wommels 0515-333210	Drukkerij Van der Eems www.vandereems.nl Easterein 0515-331306	Eppie Veenstra Schilderwerken Baard 0517-342077	Fa. H.W. Koning Fourages Winsum 0517-342187	Fa J. van der Meer Installatiebedrijf Easterwierrum 058-2501228
F. de Boer Schilderwerken Bears 058-2519478	Finish Betonvloertechniek www.betongroep.nl St. Nicolaasga 0513-4319478	Fratsaria www.fratsaria.nl Weidum 06-13457082	Friesland Drain Boazum 0515-521816	Gaardenier Tuincentrum www.tuincentrumgaardenier.nl Wommels 0515-332900
Galerie en Verfwinkel Nijdam Wommels 0515-331505	Gebr. Dijkstra International Livestock Services www.gebroedersdijkstra.nl Hilaard 058-2519798	Gebr. Terpstra Reparatiebedrijf Raerd 06-54372533	Gebr. Vellinga B.V. Int. Handels- & Transportbedrijf www.gebrvellinga.nl Easterein 0515-331565	Gerbrandy State Boerderij-Logement www.gerbrandy-state.nl Boazum 0515-521110
G. Grasman Onderhoudsbedrijf Boazum 06-20805443	Greidanus Metselwerken www.greidanus metselwerken.nl Hilaard 058-2519904	Hankel's Technisch Bedrijf www.hankels.nl Wommels 0515-333800	H.B. Bergwerff Apotheekhoudend Huisarts Baard 0517-341272	H.B.W. Montage Systeemwanden / Plafonds Baaium 0517-341758
Heibedrijf en Funderingstechniek Gerbrandy Wommels 0515-333337	Hema Foto Service Franeke www.hema.nl/fotoservice	Henk de Boer Melktechniek www.henkdeboermelktechniek.nl Jellum 058-2519488	Hessel's Toiletwagenverhuur Stiens 058-2574539	Herbergh Het Wapen van Friesland www.hetwapenvanfriesland.nl Easterlittens 0517-342996
Hoefsmederij Winsum Winsum 06-51282304	Hoekstra Sneek B.V. www.hoekstrasneek.nl Snits 0515-412110	Hotel Camping Weidumer Hout www.weidumerhout.nl Weidum 058-2519888	Hoveniersbedrijf T. Melein Easterwierrum 058-2501568	Hubo Wommels (& Electro) www.hubo.nl Wommels 0515-439388
Ingenieursbureau Oranjewoud www.oranjewoud.nl It Hearrefean 0513-634533	Installatiebedrijf De Jong Easterein 0515-331512	Installatiebedrijf D. Van Wieren Wommels 06-22786867	Jaarsma Makelaardij www.javent.nl Mantgum 058-2501515	Jansma Wegen en Milieu B.V. www.jansma-wegen-milieu.nl

Op hokker wize dan ek tige tank



DE SPULWIKE SPONSORS FAN 2008:

Jant van Dijk Evenementen www.jantvandijk.nl Mantum 058-2502098	JC Bouw www.jcbouw.nl Wjelsryp 0517-341284	Jorritsma Bouw B.V. www.jorritsma-groep.nl Bolsward 0515-578200	J. v/d Zee Services Lollum 0517-398888	Kapsalon Bontje Wommels 0515-331303
Kapsalon Mathilda Beetgumermolen 058-2531812	Kapsalon Rommy Weidum 058-2519049	Kapsalon t'Kniplokaeltsje Easterein 0515-332320	Keet Winsum www.keetsite.nl Winsum	Klaversma Bouwbedrijf Mantgum 058-2501819
Klussenbedriuw "It Wiel" www.itwiel.nl Weidum 058-2552900	Knipkeamer Rixt Wirdum 058-2552838	Kraanbedrijf Simon van den Berg Weidum 058-2519734	Kraanverhuur E. W. Andela 0517-342180 Wjelsryp 06-20736179	Landbouwmechanisatie Bedrijf D. Kuipers www.dkuipers.nl Greonterp 0515-579357
Landbouwmechanisatie Bedrijf Wijbe J. Durksz Easterlittens 06-25236112	Leanbedriuw en Kraanferhier Okkema www.okkema.nl Easterein 0515-331386	Loonbedrijf A.S. Greydanus Jellum 06-20744170	Loonbedrijf Frankena V.O.F. www.frankenawinsum.nl Winsum 0515-341681	Rock by Rein Wolsum 16-03-08 www.rockbyrein.nl
Loonverhuurbedrijf A.Miedema Ruwvoerhandel Winsum 0517-341231	M. Kracht Transport en Dienstverlening www.kracht-motorsport.nl Jorwert 06-22005381	Machinefabriek van Brummelen www.mfvanbrummelen.nl Leeuwarden 058-2150905	Machineservice M. Schots www.marcelshots.com Wommels 06-29026109	Manege De Welle www.manege dewelle.nl Wjelsryp 06-15838048
Marnecs Management BV www.marnecs.com Spannum 0517-342928	Marne Techniek BV. Duurzaam betrokken www.marne techniek.nl Wommels 0515-332533	M.B.N. Music Marketing www.mbnmusicmarketing.nl Weidum 058-2578044	Meester Show- en Theatertechniek www.meesterrijtheater.nl Grouw 06-22554610	Metaalbedrijf Plantinga www.metaalbedrijfplantinga.nl Harlingen 06-20388129
Metsel en Voegbedrijf T. Haakma www.haakma.info Wommels 0515-332728	MHB Licht & Geluidstechniek www.mhbshowtechniek.nl Tjerkwerd 06-18121242	Montagebedrijf W.J. Kramer Winsum 0517-342068	Motorcentrum Friesland www.motorcentrumfriesland.nl Wommels 0515-523080	Nico Kloppenborg Tuinontwerper Mantgum 058-2501989
Nijdam Autoschadeherstel en Oldtimer Restauratie Wommels 0515-333025	Nij Wybranda www.nijwybranda.com Boazum 0515-521344	Notariskantoor Mr. G.S. van der Hem www.notarisvanderhem.nl Jorwert 058-2519441	Oannimmersbedriuw Hoogma Baard 06-55344708	Op 'e Skille www.skille.nl Wommels 0515-332880
Party- en Bowlingcentrum Bloemketerp www.bloemketerp.nl Franeker 0517-395099	Plus Supermarkt Ernst www.plussupermarkt.nl Mantgum 058-2501493	Poask Hengelsport www.poask.nl Mantgum 06-51057981	Poiesz Supermarkten www.poiesz-supermarkten.nl Friesland	Posseth Montage Dronryp 0517-231711
Posthuma, De Echte Bakker www.echdebakkerposthuma.nl Wommels 0515-331406	P. Terpstra Consultancy Mantgum 058-2501009	P. Tijmersma Onderhoud en afbouw www.tijmersma.nl Spannum 0517-342019	Puur Opleidingen www.puuropleidingen.nl Hilaard 058-2519133	Rabobank www.rabobank.nl
Resi Wooncentrum www.eendagjethuis.nl Wommels 0515-332880	Restaurant De Lachende Koe www.delachendekoe.nl/sneek Sneek 0515-423281	Roelofs Cateringservice www.roelofscatering.nl Weidum 06-30393688	Sandstra Transportbedrijf Wommels 0515-331333	Schildersbedrijf J. Van der Heide www.vanderheide-schilders-wirdum.nl Wirdum 058-2553491
Schildersbedrijf Lanting Boazum 0515-521645	Schilderwerken Boersma Easterwierrum 058-2501824	S. Hempenius & Zn Landhekken www.hempeniushekwerken.nl Grou 0586-624736	Sietse Jorna; Trapschelters, Trampolines en Agri-service www.sietsejorna.nl Wirdum 058-2552129	Smids Design Studio www.smidsdesignstudio.nl Leeuwarden 058-2138052
Spar Deinum Deinum 058-2541517	Stichting Holle Bolle Tsjing www.hollebolletsjing.nl Oude Biltzijl 0518-421321	Stienstra Houtimport Boazum 0515-521284	Stoppels Auto's www.stoppels-autos.nl Leeuwarden 06-30921410	Straal en coatingbedrijf T. van der Wal Boazum 0515-521019
Studio Dyk Mantgum 058-2519371	Studio Roscher www.roscher.nl Weidum 058-2159888	Swannet en Pieter Aldeboarn 0566-632002	Sybs Herberg Sybshop Winsum 0517-341232	Tandartsenpraktijk Mantgum Mantgum 058-2501781
TC Plus Bedrijfsautomatisering www.tcplus.nl Winsum 0515-342400	TIB D.A. Reekers B.V. www.dareekers.nl Easterlittens 0517-341458	Timmerbedrijf Arnold van Asperen www.van-asperen.com Boazum 06-52427825	Timmerbedrijf J.P. De Boer Jellum 06-10286623	Timmerbedrijf René Dijkstra Mantgum 06-12051015
Timmer en Onderhouds- bedrijf Rein van den Berg Jorwert 058-2519732	T.M.B. De Jong B.V. www.tmbdejongbv.nl Wommels 0515-331201	Transportbedrijf, Kippenvervoer, Autolaadkraanverhuur en zand, grond en grindhandel Joh. Deinum Wjelsryp 06-53595921	Troefmarkt A&P de Jong www.troefmarkt.nl Weidum 058-2519616	Trainings-, acteursbureau Wim van der Laan www.wimvanderlaan.nl Weidum 06-21901750
TTT Software www.tttsoftware.nl Balk 0514-805508	Tube-Trading B.V. Boazum 0515-521080	Tuinaanleg, Grondwerk, Verhuur CTC Sibe Swierstra Weidum 06-23102848	Van der Velde Mode & Slapen www.mode-slapen.nl Winsum 0517-341288	Veenstra Constructie & Installatiebedrijf www.veenstrawelsryp.nl Wjelsryp 0517-341201
Veronique Akkermans www.sport-akkermans- wommels.nl Wommels 0515-425812	Versloot-Kartografy Hilaard 058-2519701	Voegbedrijf Germ van der Weg Mantgum 058-2501100	Warenhuis Firma van der Velde Wommels 0515-331201	Walinga Schildersbedrijf Baard 06-22040886
W.B. Wiersma Tentenverhuur www.wbw-tentenverhuur.nl Leeuwarden 058-2519202	W. Fopma Milieuadviesing B.V. Mantgum 058-2501797	Wildkamp B.V. www.wildkamp.com Winsum 0517-342330	Zand en Grindhandel Jaap Hoekstra Easterwierrum 06-51509280	Zorg Maat Werk www.zorgmaatwerk.nl Weidum 058-2519113

foar al jim stipe GEWELDICH !!!



Rare figuren en een spetterende dei

Troch lieder Marije en Doete

Easterlittens: Doe't de bern op it fjild kamen dizze moarn, wienen de leiders nergens te bekinen. Wol rûnen der troch it doarp allegear frjemde figuren. Sa kamen Fred en Wilma Flintstone mei harren dochter foarby, mar ek holbewenners en dinosaurussen stampten rûn. Doe't de bern better seagen ûntdutsen sy dat dit allegear ferkla-eide leiders wienen en begongen sy oan in tige slagge foskejacht. De bern fermakken harren best, mar ferlangden nei een bad mei kâld wetter! Lokkich genoch stie dit tafallich op it programma! Nei it middeisiten gongen we op trekkers en moai fersierde weinen op nei Wommels nei swimbad De Klomp! It wie een waar-me tocht, mar ûnderweis stienen der een pear lieder klear om de bern wiet te spuitsjen mei een

túnslang! In wolkomme ferkuol-ling. Yn Wommels kamen wy lûd sjongend en razend oan en sprongen lieder en bern fuort allegear it wetter yn. Een prach-tich gesicht mei dit hite waar! Sels de badjuffer koe net efter-bliuwe en gong ûnder begelieding fan 20 lossleine bern en mei in bytsje tsjinsin ek kopke ûnder! Oar jier miskien alle badjuffers der yn? De lieder en bern fer-makken harren twa oeren lang sûnder ûnderbrekking yn it wet-ter. Mar oan alles komt in ein en rûn trijen moasten de bern dan echt wer op de karre mei nei Easterlittens. De enerzjy wie lokkich noch net op en ûnder lûd gesang kamen wy wer op us fertroude sportfjild oan. Der gongen de bern wurch mar foldien en (foar de feroaring) ek ris skjîn mei nei hûs!



In machtige moaie warme dei

Troch lieder Susanne Slot en Geeske Vellinga

Easterwierrum: Hjoed wer in nije start foar de lieding fan Easterwille. Mar foar de bern fan de oare helte fan 'e gemeente begjint Spulwike hjoed pas echt!

De dei begûn tige spannend foar de bern, de lieding wie nam-mentlik oan it begjin fan de moarn net oanwêzig. Se moasten út de tiidmasjine wei komme. Dit slagge troch it entûsjasme fan Knots en Rots; it mikrofoanduo. Doe't alle groepkes te plak wien by harren tinte wie it tiid foar spultsjes. Fansels ûntbruts ek dit jier de ranja net en troch it waarme waar wie de wetterslang tige brûkber en de sinnebrâncrê-me net oan te slepen.

De sjippebaan wie it hichtepunt fan 'e moarn. Lekker gliidsje en

mei de de grutte brânslang derby wie it ien grut feest. Nei de wet-terwille wie it tiid foar tintsjes bouwe. Mei crépepapier, ferfe en ballonnen waarden der hiele spulwike filla's makke. En as de tintsjes klear wienen dan krijg de lieder ek nog in moai kleurke.

Doe't de tinten foar wat skaad soargen wie it tiid foar een stikje bôle. Eltsenien hie sa wer genôch enerzjy foar it middeisspul. Dit spul gong troch it doarp hinne. Allegear lytse oertiid spultsjes sa as de knotsenrace, keien goaie en toulûke. Doe't alle groepkes it paad nei it fjild wer fûn hiene, wie it tiid foar it swimbad. Sa koe de ferfe moai fan it gesicht wos-ken wurde, want nei in dei mei in soad sinne woe die ferfe wol hurd wurde!



Spulwike yn Dronryp?

Woansdeitemoarn 10 oere, de termometer jout dan al rom 25 graden oan, komme ek de Stridende Stjonkies en de Holle Bol Bewenners wer oan yn de arena fan Weidum. Der sit gelokkich noch genôch enerzjy yn, want hjoed moat it gebeure: in dropping. En net samar ien, it is in swerftocht fol opdrachten om op syk te gean nei in part fel fan Japie. De Stridende Stjonkies en de Holle Bol Bewenners hearre wêr't se hinne moatte: Dronryp! Wat in ein fuort en dan wurdt ek nog efkes iiskâld ferteld mei dit hite waar dat se sels mar foar it fer-fier werom soargje moatte! As ekstra muoilikheid moat der ek noch in rau ei mei, dat hiel

werom komme moat. De kopkes sjogge der besoege út.

Mar ienris yn Dronryp giet it as it slydjaet. De iene nei de oare opdracht wurdt dien en de mins-ken yn it doarp sjogge harren de eagen út de holle. It is dochs al fakânsje, wat dogge al dy bûnt ferklaide bern yn it doarp? It tempo leit troch de temperatuer dy't sa stadichoan de 30 graden rikt net heech, mar der wurdt wol trochsetten. Sykje de âldste bewenner fan it doarp en gean dêrmei op de foto. Sa is ien fan de gruttere opdrachten. De âldste bewenner, wêr fynst dy no? Fansels, it bejaardenhûs, dêr moatte wy hinne. Alles en eltse-nien ûnderweis wurdt oanhâlden

om te freegjen of der san hûs is yn Dronryp en wêr't dat dan stiet. It blykt oan de oare kant fan it doarp te wêzen en Dronryp is no net echt lyts te neamen. Mar alle moed dy't der is wurdt sam-mele en yn it bejaardenhûs wurdt in foto makke mei mefrou Van der Wal, 95 jier en dêrmei de âldste fan it doarp.

De oare opdrachten dizze dei wiene ek samar klear, it fel wie samar fûn, allinich it ferfier werom gong wat dreech. De fle-anbasis, plysje, brânwacht, eltse-nien is belle om materiaal bes-kikbar te stellen, mar it slagge net. Gelokkich binne der dan noch heiten mei hiele grutte trekkers en weinen.



Op jacht nei in facht!

Troch haadlieder Klaas Siderius

Dronryp, Wommels, Grou, Winsum en Jirnsum: Op dizze dei moasten de bern yn ferskil-lende doarpen de stikken facht fan Japie's jas opsykje. Yn ûndermear Dronryp, Wommels en Grou waarden de bern dropt om dêr de opdrachten út te fie-ren. It wie hyt, wol 30 graden! De grutste opdracht fan alles wie dat de bern en lieding ek sels ferfier foar de weromreis regelje moasten, en sa orizjineel mooglik. Undanks de tropyske omstannichheden wiene de bern geweldich fanatyk om de opdrachten sa gau as mooglik te

folbringen. De ynwenners yn de ferskate doarpen stelden harren beskikber om bygelyks sokken, in drúf of bôle ôf te stean, sadat de bern dizze 'yngrediënten' op in geheime lokaasje yn it betreffende doarp ynrulje koe-nen foar de facht. Mei de facht yn 'e bûse ha wy dêrnei it wetter opsocht om de nedige ferkuol-ling op te dwaan. Hast alle groe-pen koene gastfrije minsken fine om se wer werom te bringen nei Weidum. It wie alle groepkes slagge de facht te bemachtigjen en dermei koe de jas fan Japie makke wurde.



Flintstones yn Easterwierrum en Easterlittens

Wilmaaaaa! Fred is yn de fiere omkriten fan Easterlittens te hearren tidens de speur-tocht. It wie in prachtige kre-aasje. Yn Easterwierrum hiene se in prachtige Flintstone-oer-tiid-auto makke. De auto is foar fan alles noch wat brûkt, hat sels in dei yn de buert fan Easterlittens west by Broektille, mar Fred en Wilma bin der net yn signearre. It wie ek net de bedoeling, mar wat hie it moai byelkoar past!





T.S. út Grins

Plysjeberjocht

Yn de spulwikekrante fan 2003 stiet in stik oer lytse Littenser kriminelen. Gurbe Sytstra, doe 85 jier, hie der it folgende oer te sizzen: “Wêr moat dat hinne mei dy jongerein fan tsjinwurdich; se groeie op foar galg en rad!” Yn 2008 kin de aksjes fan doe net oars omskreaun wurde as lytse fergripen. Yn Baard koene de doarren tongersdei better op slot.

It gong der rûch omwei by it roverspul op it keatsfjild yn Baard. Net allinich de bern, mar ek de lieding stelt werklik alles byelkoar. Yn it gêrs binne seis fakken makke. Yn elk fak stean in lieder, seis bern, in túnstoel, in dykpealtsje, in stik seil en tal fan oare saken. As it startsignaal klinkt fleane de bern it fjild oer om safolle mooglik dingen by de oaren út it fak te pikken, sûnder oantikke te wurden. Dat dit alle-

gear net like earlik giet (liedster D.S. út Grins hellet werklik de meast fertochte streken út om mei har bern te winnen), docht der net ta. Der moat jatten wurde oant yn ien fak seis deselde saken lizze.

De omstanners fine dat der mar ien konklúsje mooglik is. Tidens de spulwike wurde bern oplat ta lytse kriminelen, troch de lieder! Neffens de lêste berjochten is wyk-agjint Trinus Hoekstra der alle dagen drok mei om de lytse boefkes yn de gaten te hâlden, winkellju litte net mear as twa bern tagelyk yn de winkel en partikulieren befeiligje harren húzen mei meardere slotten. De plysje wol de grutst ferantwurdlike fertochte graach ûnderfreegje oer de kriminele aktiviteiten. Omstanners hawwe in foto fan har makke. Herkenne jo dizze fertochte, nim dan kontakt op mei it plysjeburo op Broektille.



Spulwike, as ‘t net kin sa as it moat, dan moat it mar sa as ‘t kin!

Troch Maaïke Kuipers

Easterwierrum, Littens en Weidum: Spulwike is al 36 jier in begrip yn’e gemeente Littenseradiel. Alders stelle harren fakânsje der in wike foar út en in pear wiken foar de fakânsje hearre je de bern der al oer praten.

Spulwike is ea begûn mei in tsiental frijwilligers, ien doarp, wat materialen foar spultsjes, in tsiental bern en in hiel soad wille. No, 36 jier letter is it útgroeit ta in simmerkamp dêr’t hast alle bern út ‘e gemeente nei ta gean, mei meer as 100 frijwilligers, in spulwikekrante, in sponsorkommisje, elts jier nije ferskes en nog steeds in hiel soad fertier. Nearne oars wurdt dit op sa’n manier dien as yn dizze gemeente.

It is bysûnder dat soks yn dizze tiid nog steeds allegear kin. Boeren stelle harren pleats beskikber foar de opslag fan materiaal en it lienen fan trekker en wein en troch it grutte oantal sponsoaren kinne der elts jier wer in orizjineel dekor en nije spultsjes betocht wurde.

Gjin plan of idee is te gek om útfierd te wurden. En as it dan rjochtsom net slachet, dan wol linksom. Sa hie Easterwille dit jier in heuse Flintstone-oertiid-auto makke en yn Weidum wie in grutte opblaas wetter-atraksje foar de bern. Dat is it moaie fan Spulwike; as ‘t net kin sa as it moat, dan moat it mar sa as ‘t kin.

“Striid yn de oertiid”

Troch lieder Bob Kamphorst & Baukje Eppinga

Weidum: Tongersdei de tredde fan july wie de swierste dei yn de striid troch de oertiid!! Ek wol de dei sûnder ein neamd ûnder de erfaren spulwikeliiders! Om kertier oer njoggenen siet de oerbekinde spulwike arena al aardich fol. Om healwei tsienen begûn de langste dei. Moarns wie der foar de kreatyven ûnder ús it “neusje van de zalm”. Ut elk fan de tolve groepkes waard in spulwike bern ferkeazen om omtovere te wurden ta oerminsk! Der sieten hiele bysûndere kreaasjes tusken. Dernei waarden de bern op paad stjoerd om foarwerpen te ruljen of te sammeljen, om in grutte draak te ferjeien. De winnende kreaasje wie in idee om de draak mei leafde te ferjeien. Foar de middei wiene der fiif grutte spullen betocht.

- Rots skoppe (Levend tafel fuotbal)
- Holle bolle Geis (Foarm fan Sumo worstelen)
- Mamoet - Lucke (Trekker flot lûke)
- Oerstriid spul (Hindernis baan)
- Oer Puzzel

Sa tsjin trije oere begûn it licht te reinen. En tsja, wat is dan in goeie beslissing! As it troch gijt mei reinen is de dei nog lang oant fiif oere! Doe hawwe wy it sekere foar it ûnwisse nommen en hawwe mei de bern de nijste film van James Bond sjoen. Nei de film binne we mei syn allen op paad gongen nei ús sliepplak by Flapper. Mar earst noch pannekoeken ite en nei de fette oerdisko!!



Spulwikecrack Albert Jonker jubilearret

Tongersdeitejûns rûn alven sit Albert Jonker foldien mar mei de wurgens fan syn tsiende Spulwike yn ‘e fuotten oan de bar yn ‘e Jister. Noch goed yn staat om syn tinzen oer in decennium Spulwike yn wurden te fatten: “Spulwike is in wein, de haadlieding lûkt de wein, de lieding triuwt en de bern sitte der op.”

De Wiuwerter akkountant fan 28 jier hat as bern meidien en folge syn broers dy’t al as lieder by de Spulwike belutsen wiene. Yn tsien jier hat Albert in protte

meikrigen. As lieder yn Easterwierrum, yn syn funksje as ponghâlder by de stifting en de sponsorkommisje en, sa as ek dit jier, as lieder yn Easterlittens. “As ponghâlder binne je der noch folle mer mei dwaande, ‘t hiele jier troch. Dan leare je de hiele organisaasje efter de Spulwike kennen en ik haw sa ek in soad hichtepunten meimakke, bygelyks mei de sponsoring.”

Albert fynt it moai om ûnderdiel út te meitsjen fan it unyke barren dat de Spulwike hjit en dat it nei

(Sk)iterij

As de bern fuort binne en yn Easterlittens it programma foarby is, giet it freedtemoarn mis. Is it tafal of de gewoanste saak fan de wrâld dat der samar in man of tsien siik wurde. Freedtejûn by it einfeest bin it der al 30 en yn it wykein komme der noch ris tsien by. Der is fêststeld dat der wat ferkeards iten is, mar dat it net fan de eigen koks komt. Fansels net! It iten wie wer poerbest foarelkoar, sa as alle jierren! Eltsenien is gelokkich wer opknapt.



De ferhalen binne de lêste jierren dat bern allinich mar efter de kompjouter sitte, mar as je dan sjogge hoefolle der komme op in Spulwike dy’t bestjit út simpele dingen as ranja drinke, yn ‘e feart springe en tinten bouwe en wat in soad wille se dermei hawwe, dat is prachtich.”

It mes snijt oan meardere kanten neffen Albert, dyt’t de unyke sfeer ûnder de frijwilligers en de meiwurking fan de minsken yn de doarpen beneamt. “It is in iepen sfeer wêr’t eltsenien aksepterre wurd. Hartstikkene leuk om sa as groep mei ien doel dwaande te wêzen. Derneist ûntwikkelt de lieding harren sels ek troch bygelyks saken te organisearren yn kommisjes.”

Hy wol d’r net oan dat it nei tsien jier op routine gijt. “Je dogge wol in soad op gefoel. Je lere mei berno omgean, je witte op in bepaald momint wat wurket en wat net.” En is dit jubileum in momint om oan te stoppen te tinken? “Gjin kommentaar.”





OANT TAKOM JIER, IT WIE GEWELDICH